

Werom yn de 19e ieu

F20 5-2-'14

Roman

door Jaap Krol

Op it each is Janny Boersma in hiel gewoane frou. Se is troud mei Douwe en hat twa soannen dy't de puberfaze oerlibbe ha. As se mei har man yn it súdeasten fan Ingelân op kuierfakânsje is, bart der lykwols wat nuvers: se fielt kontakt mei in jonge frou, dy't oan de ein fan de njoggentjinde ieu yn dizze kontrijen libbe – foaral yn en om it romrofte Sunhouse, dêr't de aadlike famylje Everett al generaasjes wennet. Tiffany Davenport is har namme. As Janny wer thús is, komt dizze Tiffany hieltyd faker en

mei mear klam werom yn har (dei)dreamen. It docht bliken dat se eins gjin fiere frjemdling is: Janny Boersma is Tiffany Davenport. Mei har buorfrou Bettina, in jonge widdo, giet se dan ek werom nei súdeast Ingelân om ûndersyk te dwaan yn 'e argiven en yn 'e kunde te kommen mei mooglike neikommelingen. Wa is Tiffany Davenport? As dochter fan in romtinkende húsarts beweecht se har yn de pleatslik hegere rûnten en falt se foar de sjarmes fan Benedict Everett. Dizze dranksuchtige neatdogger is foaral ynteresarre yn it jild fan har heit. It is de reden dat er him net sa'n

hiele soad oanlûkt fan it lijen fan Tiffany dy't dan ek te krijen hat mei in pynlik houlik. Slim as dat is, it kin noch slimmer, wêrby't oerhoer en geweld in

De ferhaaltried is te foarsisber en te meager

hege priis easkje. Anders Rozendal betocht in yngenieuze wize om it ferhaal te fertellen: yn de benearjende sfear fan de déjà vu en déjà vécu is it alle

gear earder meimakke troch de yntins dreamende haadpersoan. No is it oan Rozendal wol tabetroud om in goed rinnend ferhaal te skriuwen mei in faak ferrassend ein (lykas *De smaak fan alsem út* 2013), mar earlik sein fyn ik *It Sunhouse-mystearje* net hielendal slagge. De ferhaaltried is te foarsisber en te meager om dy oars sa yntrigearjende Viktoriaanske lânhussefear ta libben te bringen. Benedict Everett bygelyks is in kweawillende súplap dy't sa út in gemiddelde soap weirinnen komt, Tiffany Davenport ("Tiff") is fierstente ûnnoazel om har libben foarm te jaan. Geandewei

krige ik ek muoite mei it fenomen 'dream'. Eins hawwe dizze 19e iuske libbens hielendal neat mei it hiel gewoane 21e iuske hús-tún-en-keukenlibben fan Janny; se reitsje inoar net. De dream hat gjin literêre betsjutting, wêrtroch it ferhaal tefolle hingjen bliuwt yn it loftliddige. It is net mysterieus genôch, soene jo sizze kinne.

i *It Sunhouse-mystearje*. Anders Rozendal. KFFB, 16 euro

